


Meartaligens
yn it deistich libben

Meertaligheid
in het dagelijks leven



Dizze brosjure is net allinne bedoeld foar dy, as âlder, mar ek foar alle oare minsken dy't te krijen ha mei bern yn twatalige (Frysk en Nederlânsk) of meartalige situaasjes. Wy hoopje dat it fertuten dwaan sil by it twa- of meartalich opfieden fan dyn bern. De measte tips yn dizze brosjure binne rjochte op Frysktalige gesinnen of gesinnen dêr't twa talen neistinoar brûkt wurde. Tagelyk is dizze brosjure bedoeld as helpmiddel foar Nederlânsktalige of oarstalige gesinnen om bern mei it Frysk yn oanrekking te bringen.

De tekst bestiet út earder útbrocht materiaal oer twatalich opfieden en meartalich ûnderwiis yn lannen dy't meidogge oan it MELT-projekt. Bist net de iennige: ek yn oare gebieten en lannen binne der âlden dy't harren bern graach twa- of meartalich opfiede wolle. Yn hiel Europa hawwe gesinnen fragen oer meertaligens. Mear as 50 miljoen minsken yn Europa hearre by in taalminderheid.



It Frysk is ien fan dy minderheidstalen. Fryslân is ien fan de fjouwer regio's yn de EU dy't oparbeidzje by it ûntwikkeljen fan taalfeardigens by bern oant 4 jier. It MELT-projekt (Multilingual Early Language Transmission) is in gearwurkingsferbân tusken fjouwer taalmienskippen: Welsh (yn Wales, Grut-Britannië), Bretons (yn Bretanje, Frankryk), Frysk (yn Fryslân, Nederlân) en Sweedsk (yn Finlân).

Deze brochure is niet alleen bedoeld voor jou, als ouder, maar ook voor alle andere mensen die te maken hebben met kinderen in tweetalige (Fries en Nederlands) of meertalige situaties. We hopen dat je er baat bij hebt bij het twee- of meertalig opvoeden van je kinderen. De meeste tips in deze brochure zijn gericht op Friestalige gezinnen of gezinnen waarin twee talen naast elkaar worden gebruikt. Tevens is deze brochure bedoeld als hulpmiddel voor Nederlandstalige of anderstalige gezinnen om kinderen met het Fries in aanraking te brengen.

De tekst bestaat uit eerder uitgebracht materiaal over tweetalige opvoeding en meertalig onderwijs in landen die deelnemen aan het MELT-project. Je staat niet alleen: ook in andere gebieden en landen zijn er ouders die hun kinderen graag twee- of meertalig op willen voeden. In heel Europa hebben gezinnen vragen over meertaligheid.

Meer dan 50 miljoen mensen in Europa horen bij een taalminderheid.

Het Fries is één van die minderheidstalen. Fryslân is één van de vier regio's binnen de EU die samenwerken bij het ontwikkelen van taalvaardigheid van kinderen tot 4 jaar. Het MELT-project (Multilingual Early Language Transmission) is een samenwerkingsverband tussen vier taalgemeenschappen: Welsh (in Wales, Groot-Britannië), Bretons (in Bretagne, Frankrijk), Fries (in Fryslân, Nederland) en Zweeds (in Finland).

Het is alom bekend dat de eerste jaren de beste periode is om taalvaardigheden te verwerven. Kinderen leren makkelijk op jonge leeftijd en zullen de rest van hun leven baat hebben bij



Rûnom giet men derfan út dat de earste jierren de bêste tiid is om taalfearldichheden te krijen. Bern leare maklik op jonge leeftyd en sille de rest fan har libben baat fan hawwe in meartalich grutwurden. Benammen yn in tiid fan hieltyd tanimmende globalisearring hat it ferstean en praten fan meardere talen in protte foardielen.

Alden en oare folwoeksenen ha fragen oer taalûntwikkeling by bern yn it algemien en by twatalige en meartalige bern yn it bysûnder. Wurknimmers fan foarskoalske ynstellings moatte de goede kennis en feardichheden ha om jonge bern yn oanreking te bringen mei taal. Mar net eltse ynstelling of beroepskrêft dy't jonge bern yn oanrek-

king bringt mei in minderheidstaal is likegoed op 'e hichte fan de metoaden dy't by taallearen brûkt wurde, of behearsket dy likegoed.

Wy ha gebrûk makke fan ideeën en positive praktykfoarbylden kommand fan bernedeiferbliuwen en pjutteboartersplakken yn Bretagne, Estlân, Fryslân, Laplân en Wales. Foar it stik oer taalûntwikkeling by bern ha wy gebrûk makke fan it boekje fan Folkhälsan mei de titel 'Språkgroddar'.

Wy hoopje datst de brosjure nuttich fynst en der troch oanmoedige wurdst.



een meertalige opvoeding. Vooral in een tijd van alsmear toenemende globalisering heeft het verstaan en praten van meerdere talen veel voordelen.

Ouders en andere volwassenen hebben vragen over taalontwikkeling bij kinderen in het algemeen en bij tweetalige en meertalige kinderen in het bijzonder. Werknemers van voorschoolse instellingen dienen over de juiste kennis en vaardigheden te beschikken om jonge kinderen in aanraking te brengen met taal. Maar het op de hoogte zijn en de beheersing van de methodes die bij taalverwerving komen kijken worden niet voldoende beheerst of zijn niet in gelijke mate aanwezig bij elke instelling of beroepskracht die jonge kinderen in aanraking brengt met een minderheidstaal.

We hebben gebruik gemaakt van ideeën en positieve praktijkvoorbeelden afkomstig van kinderdagverblijven en peuterspeelzalen in Bretagne, Estland, Fryslân, Lapland en Wales. Voor het gedeelte over taalontwikkeling bij kinderen hebben we gebruik gemaakt van het boekje van Folkhälsan getiteld 'Språkgroddar'.

We hopen dat je de brochure nuttig vindt en dat je erdoor wordt aangemoedigd.



It MELT-projekt hat as doel om:

- de meast effektive praktykmetoaden by taallearen fêst te stellen
- de feardichheden by beroepskrêften foar de jongste bern te fergrutsjen
- bern te foarsjen fan in sterke edukative basis
- âlden te ynformearjen oer twataligens
- ferskaat yn kultuer en taal te fersterkjen en te befoarderjen

Het MELT-project stelt zich ten doel om:

- de meest effectieve praktijkmethodes bij taalverwerving vast te stellen
- de vaardigheden bij beroepskrachten voor de jongste kinderen te vergroten
- kinderen te voorzien van een sterke educatieve basis
- informatie over tweetaligheid aan ouders te verstrekken
- verscheidenheid in cultuur en taal te versterken en te bevorderen

Taalûntwikkeling by bern oant 4 jier

Guon bern komme thús al mei mear as ien taal yn oanreking; mar de measte bern leare op skoalle of al earder, by de berne-opfang, in nije taal. De thústaal stelt it ramt foar it skoallibben en de takomstige karriêre fan it bern. De talen dy't in bern thús kennen leart, foarmje ek de basis foar it learen fan nije talen.

Taalûntwikkeling begjint al foar de berte. By de berte ha alle bern yn prinsipe it fermogen fan taallearen, al is it iene bern wol taalgefoeliger as it oare. Dêrneist bepale de ynput en omjouwing kwa taal de fierdere groei en ûntwikkeling fan dy taal. Taal is it middel dêr't in bern himsels fersteanber mei makket en syn omjouwing troch kennen leart. Krekt dêrom is it ek belangryk om in fertroude omjouwing te bieden, dêr't rekken yn holden wurdt mei it ferlet fan it bern.

Taalfeardigens is de basis fan it selsbyld dat in bern

hat, foar syn identiteit en kulturele ferbûnens. Taal is in ynstrumint foar eltse foarm fan learen en kontakt. In bern moat leare hoe't hy of sy mei oare minsken kommunisearje kin. In bern hat net allinne it rjocht om himsels te uterjen en dêrby in harkjend ear te krijen, mar taalfeardichheden drage sels by ta syn takomstich wolwêzen. Help it bern om syn talen te ûntwikkeljen, om him beslutsen te fielen, om de wrâld dêr't er him yn befynt te ûntdekken op in natuerlike, boartlike wize en om nocht oan it learen fan talen te krijen.

Taalûntwikkeling by jonge bern giet eins fansels. Dochs is it belangryk om de taalontwikkeling by bern fan it alderearste begjin ôf te stypjen troch der tiid en muoite yn te stekken – oft it no giet om in ientalich of in twatalich gesin, en los fan de brûkte talen. By elts bern ferrint it oanlearen fan taal oars en by elts bern ferrint de taalûntwikkeling op in oare wize. By bern dy't tagelyk twa of mear talen leare ferrint de taalûntwikkeling wat oars as

Taalontwikkeling bij kinderen tot 4 jaar

Sommige kinderen krijgen thuis al met meer dan één taal te maken; maar de meeste kinderen leren op school of al eerder, op het kinderdagverblijf, een nieuwe taal. De thuistaal stelt het kader voor het schoolleven en de toekomstige carrière van het kind. De talen die een kind thuis leert vormen ook de basis voor het aanleren van nieuwe talen.

Taalontwikkeling begint al voor de geboorte. Bij de geboorte hebben alle kinderen het vermogen van taalverwerving, al is het ene kind wel taalgevoeliger dan het andere. Daarnaast bepalen de input en omgeving qua taal de verdere groei en ontwikkeling van die taal. Taal is het middel waarmee een kind zichzelf verstaanbaar maakt en zijn omgeving leert begrijpen. Juist daarom is het ook belangrijk om een vertrouwde omgeving te bieden, waarbinnen rekening wordt gehouden met de behoeftes van het kind.

Taalvaardigheid vormt de basis van het zelfbeeld dat een kind heeft, voor zijn identiteit en culturele verbondenheid. Taal is een instrument voor elke vorm van leren en contact. Een kind moet leren hoe je met andere mensen kunt communiceren. Een kind heeft niet alleen het recht om zich te uiten en daarbij een luisterend oor te krijgen, taalvaardigheden dragen zelfs bij tot zijn toekomstige welzijn. Help het kind om zijn talen te ontwikkelen, om zich betrokken te voelen, om de wereld waarin het zich bevindt te ontdekken op een natuurlijke, speelse wijze en om plezier in het leren van talen te krijgen.

Taalontwikkeling van jonge kinderen gaat eigenlijk vanzelf. Toch is het belangrijk om de taalontwikkeling bij kinderen vanaf het allereerste begin te ondersteunen door er tijd en moeite in te steken – of het nu gaat om een eentalig of een tweetalig gezin, en los van de gebruikte talen. Bij elk kind verloopt het aanleren van een taal anders en elk kind kent zijn eigen taalontwikkeling. Bij kinderen die twee of meer talen tegelijk leren verloopt

by ientalige bern. Dat komt om't se de beide talen yn ferskillende domeinen leare, de iene taal bygelyks thús, en de oare taal fan 'e televyzje en de berne-opfang. Guon wurden kenne se dêrtroch earst allinne yn de iene taal, en oare wurden earst wer allinne yn de oare taal. Dit betsjut net dat de taalûntwikkeling stadiger ferrint. De wurdskatten sille inoar hieltyd mear begjinne te oerlaapjen. As bern in jier as 5, 6 binne, kenne se eins foar alle begripen de wurden yn beide talen.

Undersyk toant oan dat twataligens positive gefolgen hat foar de edukative en de talige ûntwikkeling fan in bern: trochdat it fia twa talen ynformaasje ferwurket, ûntwikkelet it in fleksibele tinkwize. Meartaligens liedt ta kognitive, talige, sosjale, ekonomyske en kulturele foardielen dy't foar de lange termyn jilde.

Wittenskippers suggerearje dat, sels foardat in bern berne is, âlden yn in twatalige of meartalige gesinssituasje al neitinke moatte soene oer de wize wêrop't se de nijberne poppe twa- of meartalich grutbringe sille. As de

âlden beide in oare memmetaal hawwe kin it 'ien-persoan-ien-taal' model prima tapast wurde. Dan biedt ien fan de âlden bygelyks konsekwint it Frysk oan, en de oar it Nederlânsk. Of kies derfoar om thús allinnich de minderheidstaal (Frysk) te praten. Undersyk lit sjen dat it goed is om thús konsekwint de minderheidstaal (Frysk) te praten en te brûken, om't de ûntwikkeling fan 'e mearderheidstaal (Nederlânsk) troch de hegere status dochs wol trochsetten wurdt. Asto thús allinnich Nederlânsk praatst mei dyn bern, soest kieze kinne foar in twatalige of Frysktalige berne-opfang.

Wy beskriuwe no de gemiddelde taalûntwikkeling fan de perioade foar de berte ôf oant en mei de leeftyd fan 4 jier. Wy jouwe ek guon tips oer wat men as âlder dwaan kin om it taallearen en tagelyk ek de twataligens te stimulearjen. Unthâld dat elts bern in oar tempo en fermogen fan taalûntwikkeling hat en dat eltse gesinssituasje unyk is.

de taalontwikkeling wat anders als bij eentalige kinderen. Dat komt omdat ze de beide talen in verschillende domeinen leren, de ene taal bijvoorbeeld thuis en de andere taal fan de televisie en de kinderopvang. Sommige woorden kennen ze daardoor eerst alleen in de ene taal, en andere woorden eerst in de andere taal. Dit betekent niet dat de taalontwikkeling langzamer verloopt. De woordschatten zullen elkaar steeds meer beginnen te overlappen. As kinderen in jaar of 5,6 zijn, kennen ze eigenlijk voor alle begrippen de woorden in beide talen.

Onderzoek toont aan dat tweetaligheid positieve gevolgen heeft voor de educatieve en de talige ontwikkeling van een kind: doordat het via twee talen informatie verwerkt, ontwikkelt zich een flexibelere manier van denken. Meertaligheid leidt tot cognitieve, talige, sociale, economische en culturele voordelen die voor de lange termijn gelden.

Wetenschappers suggereren dat, zelfs voordat een kind is geboren, ouders in een tweetalige of meertalige thuissituatie al na zouden moeten denken over de wijze

waarop het pasgeboren kind twee- of meertaligheid op kan groeien. Als de ouders beide een andere moedertaal hebben kan het 'één persoon, één taal' model prima toegepast worden. Dan biedt één van de ouders bijvoorbeeld het Fries aan, en de ander het Nederlands. Of kies ervoor om thuis alleen de minderheidstaal (Fries) te spreken. Onderzoek laat zien dat het goed is om thuis consequent de minderheidstaal (Fries) te spreken en te gebruiken, omdat de ontwikkeling van de meerderheidstaal dankzij de hogere status toch wel plaatsvindt. Als jullie thuis alleen Nederlands met jullie kind spreken, zou je voor een Friestalige- of tweetalige kinderopvang kunnen kiezen.

We beschrijven nu de gemiddelde taalontwikkeling vanaf de periode vóór de geboorte tot de leeftijd van 4 jaar. Ook geven we enkele tips over wat je als ouder kunt doen om zowel de taalverwerving als tweetaligheid te stimuleren. Onthoud dat elk kind een ander tempo en vermogen van taalontwikkeling kent, en dat elke gezinssituatie uniek is.

Foar de berte

- Sadree't it gehoar him ûntwikkele hat yn 'e bûk fan de mem, begjint it bern al te reagearjen op lûd.
- Sels foar de berte leart it bern al om de lûden en stimmen dy't yn de direkte omjouwing fan de mem te hearren binne, te werkennen.
- It bern krijt al foar de berte gefoel foar taalritme.
- Undersyk toant oan dat it bern kalm wurdt fan it praten en sjongen fan syn mem.

Tips:

Praat en sjong tsjin jim poppe foardat jim poppe berne is. Sels foar de berte kinne beide âlden al aktyf diel útmeitsje fan de wrâld fan harren bern. Miskien kinne jim al ris prakkesearje oer de talen dy't jimme jim bern bybringe wolle. As jim beiden in oare memmetaal hawwe, en jim wolle dat jim bern beide talen goed leart, dan kinne jim it bêste daliks fan it begjin ôf elk konsekwint de eigen taal tsjin it bern brûke. As ekstra advys wolle wy jim de tip jaan om de eigen taal ek tsjin inoar fêst te hâlden. Dat kin earst wat niver fiele mar it soarget der wol foar dat foar it bern it ûnderskied tusken de talen nôch dúdliker wurdt.

Voor de geboorte

- Zodra het gehoor zich in de baarmoeder ontwikkelt, begint het kind al op geluid te reageren.
- Zelfs vóór de geboorte leert het kind al de geluiden en stemmen die zich in de directe omgeving van zijn moeder bevinden, te herkennen.
- Het kind krijgt al vóór de geboorte gevoel voor taalritme.
- Onderzoek toont aan dat het kind kalm wordt van het praten en zingen van zijn moeder.

Tips:

Praat en zing tegen je ongeboren kind. Zelfs voor de geboorte kunnen beide ouders al actief deel uitmaken van de wereld van hun kind. Wellicht kunnen jullie je gedachten al eens laten gaan over de talen die jullie je kind bij willen brengen. Als jullie verschillende moedertalen hebben en jullie willen dat je kind beide talen goed leert, dan kunnen jullie het beste vanaf het begin ieder consequent je eigen taal tegen het kind praten. Als extra advies willen wij de tip geven om de eigen taal ook tegen elkaar vast te houden. Dan kan eerst wat vreemd voelen, maar het zorgt er wel voor dat het onderscheid tussen de talen nog duidelijker wordt voor het kind.

0–3 moanne

- De poppe kommunisearret al aktyf en op in ôfwikseljende wize mei de omjouwing en makket somtiden klinkers, smakkende of kirjende lûden.
- It bern werket de stim fan syn mem en kent de ûnderskate stimmen fan it gesin útinoar.
- De poppe besiket te kommunisearjen, bgl. troch gelûdsjes út te wikseljen, te laitsjen of te swaaien, of de earmkes en skonkjes te bewegen as der ien tsjin him of har praat.
- De poppe brabbelet, docht klanken nei of gûlt om dúdlik te meitsjen wat er wol.

Tips:

Praat, sjong en laitsje tsjin jimme bern. Ynteraksje mei folwoeksenen is belangryk foar it bern. As it bern ge-nôch klanken fan de Fryske taal of fan it Frysk én it Nederlânsk heart, helpt dat it bern yn syn fierdere taalûntwikkeling.



0–3 maanden

- De baby communiceert al actief en op afwisselende wijze met zijn omgeving en maakt soms klinkers, smakkende of kirrende geluiden.
- Het kind herkent de stem van zijn moeder en kan de verschillende stemmen binnen het gezin onderscheiden.
- De baby communiceert actief door dingen beurtelings met zijn of haar gesprekspartner te doen, bijv. door geluidjes uit te wisselen, te lachen of te wuiven, of zijn of haar armpjes en beentjes te bewegen als iemand tegen hem spreekt.
- De baby brabbelt, doet klanken na of huilt om zijn bedoeling duidelijk te maken.

Tips:

Praat, zing en lach tegen jullie kind. Interactie met volwassenen is belangrijk voor het kind. Als het kind genoeg klanken van de Friese taal of van het Fries én het Nederlands hoort, helpt dat het kind in zijn verder taalontwikkeling.

3–6 moanne

- It bern wurdt hieltiten aktiver yn ƚ kommunikaasje, troch middel fan eachkontakt, laitsjen of imitearjen.
- De ferskillende manieren fan gūlen fan it bern kinst al útinoar.
- It bern reagearret op ûnderskate lūden troch de holle nei of krekt fan it lūd òf te kearen.
- It bern makket klinkerlūden, harket nei himsels en is gefoelich foar yntonaasje yn ƚ omjouwing.
- It bern boartet mei de effekten fan toanhichte, folume en ûnderskate klanken – ek klanken dy't net yn syn of har direkte omjouwing foarkomme.


Tips:

Imitearje de mimyk fan dyn poppe, doch de gelūdsjes nei en praat mei him of har. Sjong ferskes foar jim bern. Hāld de earen iepen en praat oer dingen dy't de oandacht fan it bern lūke; gean yn op wat it bern nijsgjirrich fynt en beskriuw syn gefoelens, lykas: "O, no bisto bliid/benaud/ferheard, hin?"

Praat dūdlik, laitsje in protte en rillegau silst sels ek talake wurde. Jou it bern de tiid om te reagearjen, hy of sy docht dat bygelyks troch dy oan te sjen, te laitsjen of mei de fuotsjes te traapjen.

3–6 maanden

- Het kind wordt alsmaar actiever in zijn communicatie, door middel van oogcontact, lachen en imiteren.
- De verschillende manieren van huilen van het kind is te herkennen.
- Het kind reageert op verschillende geluiden door zijn hoofd naar of juist van het geluid af te wenden.
- Het kind maakt klinkerklanken, luistert naar zichzelf en is gevoelig voor intonatie in de omgeving.
- Het kind speelt met de effecten van toonhoogte, volume en verschillende klanken – met inbegrip van klanken die niet in zijn of haar directe omgeving voorkomen.



Tips:

Imiteer de mimiek van je baby, doe de geluidjes na en praat met hem of haar. Zing liedjes voor jullie kind. Houd je oren open en praat over de dingen die de aandacht van het kind trekken; ga in op de interesses van het kind en beschrijf zijn gevoelens, zoals: "Oh, nu ben je blij/bang/verbaasd, hè?"

Spreek duidelijk; lach veel en al gauw zul je zelf ook toegelachen worden. Geef het kind de tijd om te reageren, hij of zij doet dat door bijvoorbeeld je aan te kijken, te lachen of met de voetjes te schoppen.

6–12 moanne

- It bern reagearret op syn namme.
- It bern brabbelet en foarmet klanken lykas ga-ga, da-da, ma-ma-ma.
- Sok brabbeljen begjint soms al wat op de klanken fan taal te lykjen.
- It bern begrypt it ferskil tusken in fêststelling ("Ja, dat is in boekje, hiel goed!") en in fraach ("Wolst in boekje lêze?").
- It bern hat mear fertrouwen yn it boartsjen mei de stim en docht lûden nei dy't folwoeksenen meitsje, lykas kuchelje.
- It bern docht oan mimyk, imitearret, boartet mei de tonge en makket ferskillende klanken.

Tips: Praat tsjin jim bern, fertel watst dochst ast him of har ferskjinnest. Fertel en sjong oer de lichemsdielen fan dyn poppe of oer de dingen dêr't dyn bern nei sjocht. Bern binne sljocht op 'ik sjoch ik sjoch watsto net sjochst'-eftige spultsjes, op rymkes of op fingerpopkes. Ienfâldige rymkes en ferskes binne net allinne maklik om te learen en nei te dwaan, mar stimulearje by dyn bern ek de taalûntwikkeling. It binne ideale spultsjes, om't men se oeral en altiten dwaan kin.

Jou dyn poppe boekjes fan sterk materiaal mei dúdlike plaatsjes mei in protte kontrast, lit dyn bern dermei boartsje, deryn sjen of der sels op kôgje. Wiis dingen oan, beneam se en praat oer it boartersguod. Kies boekjes út dy'tst sels ek aardich fynst.

6–12 maanden

- Het kind reageert op zijn naam.
- Het kind brabbelt en vormt klanken zoals ga-ga, da-da, ma-ma.
- Dit gebrabbel begint soms al wat op klanken van taal te lijken.
- Het kind begrijpt het verschil tussen een vaststelling ("Ja, dat is een boekje, heel goed!") en een vraag ("Wil je een boekje lezen?").
- Het kind heeft meer vertrouwen in het spelen met zijn stem en doet geluiden na die volwassenen maken, zoals kuchen.
- Het kind oefent zijn mimiek, imiteert, speelt met zijn tong en maakt verschillende klanken.

Tips: Praat tegen jullie kind, vertel wat je doet als je zijn luier verschoont. Vertel en zing over de lichaamsdelen van je baby of over de dingen waar je kind naar kijkt. Kinderen zijn dol op 'ik zie ik zie wat jij niet ziet'-achtige spelletjes, op rijmpjes of op vingerpoppetjes. Eenvoudige rijmpjes en liedjes zijn niet alleen gemakkelijk om te leren en na te doen, maar stimuleren ook de taalontwikkeling van je kind. Het zijn ideale spelletjes, omdat je ze overal en altijd kunt doen.

Geef je baby boekjes van sterk materiaal met duidelijke, sterk contrasterende plaatjes; laat je kind ermee spelen, ze bekijken of er zelfs op kauwen. Wijs dingen aan, benoem ze en praat over het speelgoed. Kies boekjes uit die je zelf ook leuk vindt.

Ien jier

- Om de leeftyd fan 1 jier hinne seit it bern syn earste wurdjes of makket it losse, wurdeftige lûden. As dat bart, kinst de taal of talen dêr't it bern mei opgroeit, al weromhearre.
- Op dat stuit kin it bern alle klanken fan 8 talen dy't it praten leart, al ûnderskiede.
- It bern docht aktyf mei oan in petear, benammen mei lichemstaal.
- It bern begrypt folle mear as dat it sizze kin. Begryp komt altiten earder as spraak.
- It bern begrypt ienfâldige opdrachten en fragen.
- In bern fan ien jier praat meastal yn sintsjes fan ien wurd. Earst komme de haadwurden, dan de tiidwurden.
- It is folslein normaal dat in bern it praten wat útstelt wylst it syn wurdskat opboud en fergruttet; wy neame dat de 'faze fan it sammeljen' en dy komt foar de 'wurde-eksplaozje'.
- It bern kombinearret wurdjes ta sintsjes fan twa wurden, lykas "Net sliep" en "Heity sliep". Sa ûntstiet der in grutte bânbreedte yn it praten.

Tips:

Jim bern is tige benijd nei alles wat der om him hinne bart. It wiist faak nei dingen dy't flakby binne en wol dan witte wat dat is of hoe't it hjit. Benoem de dingen en jou ienfâldige útlis. Werhelje wurdjes dy't dyn bern seit en folje de sintsjes fan ien of twa wurdjes oan. Besjoch tegearre boekjes foar poppen en lês printeboekjes mei dúdlike, ienfâldige ferhaaltsjes. Soargje derfoar dat dyn bern de boekjes sels beet pakke kin en lês somtiden foar. Foar bern fan dizze leeftyd is it it dúdlikst ast foarlêst yn deselde taal dy't oars ek praatst tsjin dyn bern.

Eén jaar



- Rond de leeftijd van één jaar zegt het kind zijn eerste woordjes of maakt het losse woordachtige klanken. Als dat gebeurt, kun je de taal of talen waarmee het kind opgroeit, al terug horen.
- Op dat moment heeft het kind alle klanken van de talen die het aanleert al leren onderscheiden.
- Het kind neemt actief deel aan een gesprek, vooral met lichaamstaal.
- Het kind begrijpt veel meer woordjes dan het kan zeggen. Begrip komt altijd eerder dan spraak.
- Het kind begrijpt eenvoudige opdrachten en vragen.
- Het kind spreekt meestal in éénwoordzinnigjes. Eerst komen de zelfstandige naamwoorden, daarna de werkwoorden.
- Het is volstrekt normaal dat een kind het praten wat uitstelt terwijl het zijn woordenschat verzamelt en vergroot; we noemen dit de 'verzamel fase' en deze gaat vooraf aan de 'woordexplosie'.
- Het kind combineert woordjes tot tweewoordzinnigjes, zoals "Niet slaap" en "Pappa slaap", waarmee er een grote bandbreedte in zijn spraak ontstaat.

Tips:

Jullie kind is uiterst nieuwsgierig naar alles dat rondom hem gebeurt. Het wijst vaak naar iets in de directe omgeving en wil weten wat het is of hoe het heet. Benoem de dingen en geef eenvoudige uitleg. Herhaal woordjes die je kind zegt en vul de één- of tweewoordzinnigjes aan. Bekijk samen babyboekjes en lees plaatjesboeken met duidelijke, eenvoudige verhaaltjes. Zorg dat het kind boekjes voor het grijpen heeft en lees soms voor. Het is het duidelijkst dat je voorleest in dezelfde taal die je anders ook spreekt tegen je kind.

2 jier

- De sprektaal wurdt hieltiten wichtiger, mar lichemstaal makket noch altiten aktyf diel út fan de kommunikaasje.
- It feit DAT it bern praat is wichtiger as HOE'T it praat.
- It gesin en de minsken dy't it bern yn it deistich libben in protte sjogge, kinne him begripe as er praat.
- It bern brûkt in protte klanken fan de taal noch net, mar sa sûntsjesoan ferskine dy klanken no dochs ek yn syn spraak.
- It bern praat om te fertellen oer wat it sjocht of meimakket en om him fersteanber te meitsjen.
- Bit bern begrypt langere sinnen en kin fragen beäntwurdzje.

Tips:

Folje de dingen dy't it bern seit oan en werhelje dy – yn wurden dy't dyn bern sels brûke soe as hy of sy dat al koe – mar korrizjearje dyn bern net (Net sizze: "Nee, dat is net goed" mar sels de goede sin foarsizze). It is prima as dyn bern leaver de iene as de oare taal praat, of as it talen trochinoar brûkt. It trochinoar brûken fan talen is in folslein normale en ek in weardefolle faze yn de twatalige ûntwikkeling; de bern binne oan it eksperimintearjen mei de ferskillende taalsystemen en leare al dwaande it ûnderskied dêrtusken.

Kinst koarte ferhaaltsjes mei plaatsjes foarlêze of neifertelle. Dat in bern hieltiten itselde boekje wurd foar wurd wer hearre wol, is folslein normaal yn dizze leeftyd, it bern hâldt fan werhelling.

Op de berne-opvang wurdt de taal op in oare wize oanbean as thús, ûnder oare troch de ynteraksje mei oare bern. By jim yn de buurt is der grif wol in pjutteboartersplak of bernedeiferbliuw dêr't mei in bewust Frysk- of twatalich belied wurke wurdt.

2 jaar

- De sprektaal wurdt almar belangrijker, mar lichaamstaal bliift actief deel uitmaken van de communicatie.
- Het feit DAT het kind praat is belangrijker dan HOE het praat.
- Het gezin en de mensen die het kind in het dagelijks leven veel zien, kunnen hem begrijpen als hij praat.
- Het kind gebruikt veel klanken van de taal nog niet, maar langzamerhand verschijnen deze klanken nu toch in zijn of haar spraak.
- Het kind praat om te vertellen over wat het ziet of meemaakt en om zich verstaanbaar te maken.
- Het kind begrijpt langere zinnen en kan vragen beantwoorden.

Tips:

Vul de dingen die je kind zegt aan en herhaal ze – in woorden die je kind zelf zou gebruiken als hij of zij daartoe in staat was – maar corrigeer je kind niet (Niet zeggen: "Nee, dat is niet goed" maar zelf de goede zin voorzeggen). Het is prima als je kind liever de ene dan de andere taal spreekt, of als het talen door elkaar gebruikt. Het doorelkaar gebruiken van talen is heel normaal en ook een waardevolle faze in de tweetalige ontwikkeling; kinderen zijn aan het experimenteren met de verschillende taalsystemen en leren door te oefenen het onderscheid ertussen.

Je kunt korte verhaaltjes met plaatjes voorlezen of navertellen. Dat een kind telkens hetzelfde boekje woord voor woord opnieuw wil horen is volstrekt normaal in deze leeftijd.

Bij de kinderopvang wurdt de taal anders aangeboden als thuis, onder andere door de interaksje met andere kinderen. Bij jullie in de buurt is vast wel een peuterspeelplaats of kinderdagverblijf waar bewust met een Fries- of tweetalig beleid gewerkt wurdt.

3 jier

- It bern koe passyf al in protte begripen, de útwreiding fan de aktive wurdskat komt no ek yn in streamfersnelling.
- It bern brûkt langere sinnen en hat by in petear de help fan syn âlden net mear nedich.
- De útspraak fan it bern is al dúdliker en it kin himsels makliker fersteanber meitsje.
- It bern begrypt folle mear as dat hy of sy sels útdrukke kin.
- It bern stelt in protte fragen.
- It bern kontrolearret it eigen taalfermogen: "Heity, dit is in krante, hin?"

Tips:

In bern fan trije kin in petear fiere en fynt it aardich om te praten asto de tiid nimst om te harkjen. Dyn bern hat der aardichheid oan om fragen te beäntwurdzjen of opdrachten te dwaan en is sljocht op wurdspultsjes mei ûnsinwurdsjes, rymkes en riedseltjes.

Asto Frysk praatst tsjin   bern en dyn partner Nederl nsk (of oarsom) dan is it goed mooglik dat it bern in foarkarstaal begjint te  ntwikkeljen. En faak is dat it Nederl nsk, omdat dat de maatskiplik sterkere taal is. De kr sjale faktor is FERLET. It bern moat yn   gaten krije – meastal giet dat  nbewust – dat it beide talen nedich hat yn it deistich libben. Gean foaral troch mei it bewust oanbieden fan it Frysk oars  ntwikkelet dy taal him net fierder by jim bern.

As jim sels net Fryske prate, en jim wolle jim bern dochs de k ns jaan om meartalich grut te wurden, kinne jim kieze foar in Frysk- of twatalich pjutteboartersplak of bernedeiferbliuw. Of foar in Frysktalige oppas of gast lder. Freegje de minsken yn jim omjouwing om Frysk te praten tsjin jim bern. Miskien slagget it jim ek om ris in Frysk boekje foar te l zen? Sykje ris om gaadlike boeken, dvd s, muzyk en televyzjeprogramma s yn it Frysk. Der steane in bulte l s-, sjoch- en harktips op ynternet (sjoch ek achteryn de brosjure).

3 jaar

- Het kind kon passief al veel begripen, de uitbreiding van de actieve woordenschat komt nu ook in een stroomversnelling.
- Het kind gebruikt langere zinnen en heeft bij het voeren van een gesprekje de hulp van zijn ouders niet meer nodig.
- De uitspraak van het kind is al duidelijker en het kan zichzelf gemakkelijker verstaanbaar maken.
- Het kind begrijpt veel meer dan hij of zij zelf uit kan drukken.
- Het kind stelt veel vragen.
- Het kind controleert zijn eigen taalvermogen: "Pappa, dit is een krant, h ?"

Tips:

Een kind van drie jaar kan een gesprek voeren en vindt het leuk om te praten als jij de tijd neemt om te luisteren. Je kind vindt het leuk om vragen te beantwoorden of opdrachtjes te doen en is gek op woordspelletjes met onzinwoordjes, rijmpjes en raadseltjes.

Het is normaal dat het kind op deze leeftijd een voorkeurstaal heeft, zolang de ouders in beide talen maar genoeg input geven. De cruciale factor is BEHOEFTE. Het kind moet gaan inzien – meestal gaat dat onbewust – dat het beide talen nodig heeft in het dagelijks leven. Anders wordt de minderheidstaal niet verder ontwikkeld.

Als jullie zelf niet Fries spreken en jullie willen jullie kind toch de kans bieden om meertalig op te groeien, kunnen jullie kiezen voor een Fries- of tweetalig peuterspeelzaal of kinderdagverblijf. Of voor een Friestalige oppas of gastouder. Vraag mensen in jullie omgeving om Fries te spreken tegen jullie kind. Misschien lukt het jullie om eens een Fries boekje voor te lezen? Zoek eens om geschikte boeken, dvd s, muziek en televisieprogramma s in het Fries. Er staan veel lees-, kijk- en luistertips op internet (kijk ook achterin de brochure).

4 jier

- De basisfeardichheden binne yntusken oanwêzich en it bern begrypt it measte fan wat hy of sy heart.
- It bern jout oeral kommentaar by en syn petearfeardichheden wurde grutter.
- It bern makket himsels kwa taal frij fan it hjir en it no; it kin ek prate oer wat der al bard is of noch barre sil.
- Stikje by bytsje ûntstiet it taalbewustwêzen – it ferskil meitsje kinne tusken foarm en betsjutting fan in wurd. Doch taalspultsjes; rymkes, riedseltsjes en mopkes liene har dêr treflik foar.
- It bern hat ynteresse foar letters en tekst.
- De dreechste klanken fan de taal binne miskien noch net oanwêzich.

Tips:

Stop eefkes wêrmei asto dwaande bist as dyn bern wat tsjin dy sizze wol en jou dyn bern alle tiid om te praten. Harkje goed nei wat it bern seit en stimulearje it petear troch iepen fragen te stellen, lykas: “Wat bedoelste?”, “En doe?”, “Wat sei er doe?”, “Wa wie dat?” Betink dat wy, folwoeksenen, wend binne om it wurd te fieren.

As jim bern nijsgjirrich is nei letters, brûk dan ris sa’n moai ABC - boekje mei aardige rymkes en prikkeljende plaatsjes. Ast gjin printeboekjes brûkst, kin dyn bern ek meiharkje wylsto lûdop foarlêst. Meitsje foarlêzen ûnderdiel fan dyn deistige rûtime.

4 jaar

- De basistaalvaardigheden zijn inmiddels aanwezig en het kind begrijpt het meeste van wat hij of zij hoort.
- Het kind geeft overal commentaar bij en zijn gespreksvaardigheden nemen toe.
- Het kind maakt zichzelf qua taal vrij van het hier en nu; het kan ook praten over wat al is gebeurd of nog gaat gebeuren.
- Stukje bij beetje ontstaat het taalbewustzijn – het verschil kunnen maken tussen vorm en betekenis van een woord. Doe taalspelletjes; rijmpjes, raadseltjes en mopjes lenen zich daar uitstekend voor.
- Het kind stelt interesse in letters en tekst.
- De moeilijkste klanken van de taal zijn misschien nog niet aanwezig.

Tips:

Stop even waarmee je bezig bent als je kind wat tegen je wil zeggen en geef je kind alle tijd om te praten. Luister goed naar wat je kind zegt en stimuleer het gesprek door open vragen te stellen, zoals: “Wat bedoel je?”, “En toen?”, “Wat zei hij toen?”, “Wie was dat?” Onthoud dat wij, volwassenen, gewend zijn het woord te voeren.

Als je kind nieuwsgierig is naar letters, gebruik dan eens een van de vele leuke ABC - boeken met aardige rijmpjes en prikkelende plaatjes. Als je geen plaatjesboekjes gebruikt kan je kind ook meeluisteren terwijl je luidop voorleest. Maak voorlezen onderdeel van je dagelijkse routine.



Twataligens is in rykdom, de muoite wurdich om mei stipe te ûntwikkeljen

- Meartaligens is net oanberne. Alden kieze bewust foar it proses om bern meartalich grut te bringen.
- De taal fan it bern ûntwikkelt him it bêste as de âlden konsekwint binne yn har taalgebrûk mei it bern.
- It is belangryk datst as folwoeksene neitinkst oer dyn eigen taal en ek datst in positive hâlding hast foar de talen dêr't it bern yn syn of har deistich libben mei yn oanrekking komt.
- De minderheidstaal hat ekstra stipe nedich. Krijt jim bern yn dy taal genôch prikkels?
- It is normaal dat in bern yn 'e ierste jierren gjin ûnderskied makket tusken talen. Jou it dyn bern oan tiid om him yn dy talen te ûntwikkeljen.
- Twa- of meartaligens ferriket de mentale aktiviteit, fergruttet de fleksibiliteit en kreativiteit fan it ferstanlik fermogen en is handich foar ferskillende sosjale kontakten.
- Begelied it bern yn 'e taalûntwikkeling, yn de rjochting fan meartaligens.

Tweetaligheid is een rijkdom, waard om begeleid verder ontwikkeld te worden

- Meertaligheid is niet erfelijk. Ouders kiezen bewust voor het proces om kinderen meertalig op te voeden.
- De taal van het kind ontwikkelt zich het beste als de ouders consequent zijn in hun taalgebruik ten opzichte van hun kind.
- Het is belangrijk dat je als volwassene nadenkt over je eigen taal en verder dat je een positieve houding hebt ten opzichte van de talen waar het kind in zijn of haar dagelijks leven mee in aanraking komt.
- De minderheidstaal heeft extra steun nodig. Krijgt jullie kind in die taal genoeg prikkels?
- Het is normaal dat een kind in de vroegste jaren geen onderscheid maakt tussen talen. Geef het kind de tijd om de talen te ontwikkelen.
- Twee- of meertaligheid verrijkt de mentale activiteit, vergroot de flexibiliteit en creativiteit van het verstandelijk vermogen en is handig voor verschillende sociale contacten.
- Begeleid het kind in de taalontwikkeling, in de richting van meertaligheid.



Meartaligens yn it deistich libben – goede ideeën foar thús

Yn de folgjende bledsiden wurde in oantal wurkfoarmen mear útlein dy't sawol op de berne-opfang as thús ta-past wurde kinne.

Alden as taalmodel:

In bern leart in taal of talen dêr't it fan mient dat it dy nedich hat, en it bern leart de talen yn 'e direkte omjouwing. Om in taal te learen, moat in bern net allinne hearre kinne hoe't oare minsken dy taal brûke, mar dy ek sels brûke. Tink derom datst de tiid nimst om mei dyn bern te praten. Bern leare talen it maklikst as sy alle romte krije om te praten en harsels te uterjen. It is fan belang dat heften, memmen en oare folwoeksenen, dy't yn kontakt komme mei it bern, in ryk en fariearre taalgebrûk hawwe.

Oant 4 jier:

ekstra omtinken foar de minderheidstaal:

Yn ús meartalige omjouwing yn Fryslân hawwe we te krijen mei in dominante taal (it Nederlânsk) en de minderheidstaal (it Frysk, mar ek streektalen of oare talen). Ek yn gebieten dêr't de measte ynwenners Frysk prate is dit oan de oarder, troch it belangrike plak dat it Nederlânsk ynnimt yn it basisûnderwiis, televyzje, boeken, kompjûter ensfh. De bern merke dat Nederlânsk in belangrike taal is, en sille har dêrtroch stimulearre fiele om dy taal



te learen. Sa begjinne eins alle Frysktalige pjutten as se sa'n 3,5 jier âld binne Nederlânsk te praten as se oan it boartsjen binne. By oarstalige bern bart itselde.

Meertaligheid in het dagelijks leven – goede ideeën voor thuis

Op de volgende pagina's worden een aantal werkvormen meer uitgelegd die zowel op de kinderopvang als thuis toegepast kunnen worden.

Ouders als taalmodel:

Een kind leert een taal of talen die hij denkt nodig te hebben, en het kind leert de talen in zijn directe omgeving. Om een taal te leren, moet een kind niet alleen horen hoe andere mensen die taal gebruiken, maar deze ook zelf gebruiken. Denk eraan dat je de tijd neemt om met je kind te praten. Kinderen leren talen het gemakkelijkst als zij alle ruimte krijgen om te praten en zich zelf te uiten. Het is van belang dat vaders, moeders en andere volwassenen, die in contact komen met het kind, een rijk en gevarieerd taalgebruik hebben.

Tot 4 jaar:

extra aandacht voor de minderheidstaal:

In onze meertalige omgeving in Fryslân hebben wij te maken met een dominante taal (het Nederlands) en de minderheidstaal (het Fries, maar ook streektalen of andere talen). Ook in gebieden waar de meeste inwoners Fries praten is dit aan de orde, doordat het Nederlands een belangrijke plek inneemt binnen het basisonderwijs, televisie, boeken, computer enz. Kinderen merken dat Nederlands een belangrijke taal is en zullen zich hierdoor gestimuleerd voelen om die taal te leren. Zo beginnen eigenlijk alle Friestalige peuters als ze ongeveer 3,5 jaar oud zijn Nederlands te spreken als ze aan het spelen zijn. Bij anderstaligen gebeurt hetzelfde.

Door de dominante positie van de Nederlandse taal op de basisschool is het voor Friestalige kinderen goed

Troch de dominante posysje fan it Nederlânsk op de basisskoalle is it foar Frysktalige bern goed yn om de jierren dêrfoar in ryk en breed oanbod yn de memmetaal te krijen. Dêrmei wurdt de basis foarme foar de fierdere meartalige ûntwikkeling. Kies dêrom, as it kin, in pjutteboartersplak of bernedeiferbliuw mei in dúdlik Frysk- of twatalich belied en lêse de bern thús in soad foar yn it Frysk. Foar oarstalige pjutten jildt itselde: biedt de memmetaal breed en ryk oan mei boekjes, ferskes, berneprogrammas ensfh. Want as de basis yn de memmetaal goed is ûntwikkelet de twadde taal him ek better.

In positive, noflike en bewuste taalhâlding fan âlden sil ústriele op it bern. Ast Frysk tsjin dyn bern praatst, praat dat dan ek tsjin har freontsjes. In Nederlânsktalige pjut ferstiet wier likegoed Frysk as dat in Frysktalige pjut Nederlânsk ferstiet. Sa leare de bern dat de talen lykwaardich binne.

Gearwurking tusken opfieders:

It is belangryk om op it mêd fan taal in ferbining te hawwen tusken thús en de berne-opfang. Pjuten fine it prach-

tich om de ferskes fan de berne-opfang thús ek te sjongen en leare in soad fan werhelling. Utwikseling kin hiel ynspirearjend wurkje. Freegje ynformaasje oer de tema's en it materiaal dêr't mei wurke wurdt, en borduerje dêr thús op fierder. Oarsom kin ek: nim ris in boekje fan thús mei nei de berne-opfang, of lear mei dyn bern de liedster "jim" ferske, silst sjen hoe grutsk dyn bern dan is!

Brûk foto's:

Brûk foto's om sicht te krijen op de tinkwrâld fan de bern. Lit it bern syn eigen foto's kieze om op de muorre, de kuolkast, yn in album ensfh. te plakken en freegje wêrom't er krekt dy foto's keazen hat. De belangrykste wurden fan it bern kinne by de foto skreaun wurde. Praat mei de bern oer de foto's en freegje har wat se derfan fine en derby fiele. In bern fynt it soms dreech om syn of har tinzen út te drukken; foto's moedigje dan oan ta ynteraksje. Nim foto's op útstapkes en by spesjale gelegenheden. Op in reisje kin it bern wol yn hiel oare dingen ynteressearre wêze as datsto tinkst. De busreis kin samar nijsgjirriger wêze as it reisdoel!

om in de jaren ervoor een rijk en breed aanbod in de moedertaal te krijgen. Daarnaast wordt de basis gevormd voor de verdere meertalige taalontwikkeling. Kies daarom, als het kan, een peuterspeelplaats of kinderdagverblijf met een duidelijk Friestalig- of tweetalig beleid en lees kinderen thuis veel voor in het Fries. Voor anderstalige peuters geldt hetzelfde: biedt de moedertaal breed en rijk aan met boekjes, liedjes, kinderprogramma's enz. Want als de basis in de moedertaal goed is ontwikkelt de tweede taal zich beter.

Een positieve, aangename en bewuste taalhouding van ouders zal overslaan op het kind. Als jullie Fries spreken, spreek dat dan ook tegen zijn of haar vriendjes. Een Nederlandstalige peuter verstaat evengoed Fries dan een Friestalige peuter Nederlands verstaat. Zo leren kinderen dat de talen gelijkwaardig zijn.

Samenwerking tussen opvoeders:

Het is belangrijk om op het gebied van taal een verbinding te hebben tussen thuis en de kinderopvang. Peuters vinden het prachtig om de liedjes van de kinderopvang thuis ook te zingen en leren veel van herhaling. Uitwisse-

ling kan heel inspirerend werken. Vraag informatie over de thema's en het materiaal waarmee gewerkt wordt en ga daar thuis verder op door. Andersom kan het ook: neem eens een boekje van thuis mee naar de kinderopvang, of leer samen met je kind de leidster 'jullie' liedje aan, je zal zien hoe trots jullie kind dan is!

Gebruik foto's:

Gebruik foto's om de gedachten van kinderen inzichtelijk te maken. Laat het kind zijn eigen foto's kiezen om op de muur, de koelkast, in een album enz. te plakken en vraag waarom hij juist die foto's heeft gekozen. De belangrijkste woorden die het kind zegt kunnen bij de foto's geschreven worden. Praat met je kind over de foto's en vraag ze wat ze ervan vinden en erbij voelen. Een kind vindt het soms lastig om zijn of haar gedachten uit te drukken; foto's moedigen dan aan tot interactie. Neem foto's op uitjes en bij speciale gelegenheden. Op een reisje kan het kind in heel andere dingen geïnteresseerd zijn dan je denkt. De busreis kan zomaar interessanter zijn geweest dan het reisdoel!

Betink in personaazje dat allinne in bepaalde taal behearsket:

Betink in sympatyk personaazje – in leuk popke of in teddybear – dat bern stimulearret om in spesifike taal te brûken. Fertel it bern dat it figuerke allinne dy taal mar ferstean kin; as it bern dermei praat of boartet sil er mooglik besykje de taal fan it figuerke te brûken. In moai foarbyld yn Fryslân is Tomke dat mei it hûntsje Romke, Kornelia de Kangoeroe en it buorfamke Yana Yu in soad aventoeren belibbet. De ferhalen fan Tomke steane ticht by it deistich libben fan lytse bern. Bern werkenne harren sels yn de aventoeren; se reagearje op wat se sjogge en hearre. Der binne genôch mooglikheden om Tomke ek yn it taaloanbod thús in plakje te jaan, sjoch op www.tomke.nl.



Asto en/of dyn partner in oare (bûtenlânske) taal praatst, kinst sels thús in ferlykber personaazje betinke. Yn Wales wurdt bygelyks it tsjoenderpopke 'Dewin' brûkt. Sa wurdt it makliker en aardiger foar bern wurdt om in taal te brûken.

Brûk de meartalige omjouwing:

As de âlden beide Nederlânsk- of oarstalich binne en jimme wolle dat jim bern ek Frysk leard, freegje dan in buorfrou, famyljelid, de oppas of oare minsken yn de omjouwing om konsekwint Frysk te praten tsjin jim bern. Itselde jildt as jim thús twatalich binne, en jim bern op in bepaald stuit mear Nederlânsk begjint te praten. Tink derom, Friezen binne wend om har oan te passen oan de taal fan in bern, dat do silst har der grif in pear kear oan herrinnerje moatte om net oer te skeakeljen op it Nederlânsk.

Bedenk een personage dat alleen een bepaalde taal kent:

Bedenk een sympathiek personage – een leuk poppetje of een teddybeer – dat kinderen aanspoort om een specifieke taal te gebruiken. Vertel het kind dat het figuurtje alleen die taal kan verstaan; als het kind met het figuurtje praat of speelt, begrijpt het een kind alleen als die de juiste taal spreekt. Een mooi voorbeeld in Fryslân is Tomke dat met het hondje Romke, Kornelia de Kangoeroe en het buurmeisje Yana Yu veel avonturen beleefd. De verhalen van Tomke staan dicht bij het dagelijks leven van jonge kinderen. Kinderen herkennen zich zelf in de avonturen; ze reageren op wat ze horen en zien. Er zijn genoeg mogelijkheden om Tomke ook in het taalaanbod thuis een plekje te geven, kijk op www.tomke.nl.

Als jij of je partner een andere (buitenlandse) taal spreekt, kan je zelf thuis een vergelijkbaar personage bedenken. In Wales wordt bijvoorbeeld het tovenaarspoppetje 'Dewin' gebruikt. Zo wordt het makkelijker en leuker voor kinderen om een taal te gebruiken.

Gebruik de meertalige omgeving:

Als ouders beide Nederlands- of anderstalig zijn en jullie willen dat jullie kind Fries leert, vraag dan een buurvrouw, familielid, de oppas of andere mensen in de omgeving om consequent Fries tegen jullie kind te spreken. Hetzelfde geldt als jullie thuis tweetalig zijn, en jullie kind op een bepaald moment Nederlands begint te spreken. Denk eraan, Friezen zijn eraan gewend om zich aan te passen aan de taal van het kind, jij zult anderen er zeker aan moeten herinneren dat zij niet over hoeven te schakelen op het Nederlands

Gebruik posters:

Maak een poster over een actueel onderwerp en zorg ervoor dat deze op ooghoogte van het kind komt te hangen, bijv. op of bij een deur. Schrijf een paar woorden op de poster en plak er eventueel plaatsjes bij. Een kind zal vragen stellen over de poster of zelf wat vertellen wat met het onderwerp te maken heeft. De poster moedigt kinderen aan om over het onderwerp te praten en zich in hun eigen woorden uit te drukken. De poster kan kinderen ook aansporen om een spelletje te doen dat met het onderwerp te maken heeft.

Brûk posters:

Meitsje in poster oer in aktueel ûnderwerp en soargje derfoar dat dy op eachhichte fan it bern komt te hingjen, bgl. op of by in doar. Skriu in pear wurden op de poster en plak dêr eventueel plaatsjes by. In bern sil fragen stelle oer de poster of sels wat fertelle dat mei it ûnderwerp te krijen hat. De poster moediget bern oan om oer it ûnderwerp te praten en harren yn har eigen wurden út te drukken. De poster kin bern ek oantrúnje om in spultsje te dwaan dat mei it ûnderwerp te krijen hat.

Meitsje dyn eigen aansichtkaart:

Meitsje in aansichtkaart mei it bern en fersier dy (bgl. mei fearkes, glitterkes, krêpepapier, droege bledsjes of blomkes). Skriu eventueel in boadskip fan it bern op 'e kaart. Miskien kinne jim tegearre nei it postkantoor gean en kinst it bern dêr sels in slúf en postsegel keapje litte. Skriu tegearre it adres op en doch de kaart op 'e bus. Lit it bern sels kieze wêr't de kaart hinne moat.

Meitsje sels boeken:

Yn guon talen binne der amper of sels hielendal gjin boeken foar lytse bern. Yn Fryslân binne der lokkich wol

Fryske (printe) boeken te krijen (sjoch de links fan websides). Mar kinst tegearre ek in eigen boekje meitsje. It is hiel spesjaal foar in bern om in selsmakke en selsbetocht boekje te hawwen.

Pak materiaal om it boek mei te fersieren: kleurd papier, in skjirre, lime, stiften, plaatsjes of stickers, sifers, letters ensfh. Kinst in ferhaaltsje of in ferske opskriuwe datst sels as bern moai fûnst, guon rymkes en riedseltjes, wat dy heucht út dyn eigen bernejierren. Of kinst in ûnderwerp kieze dêr't dyn bern niget oan hat, bygelyks hynders. It makket net út hoe grut of hoe tsjûk it boek is. Foar in jong bern hast net in protte wurden of siden nedich. As alle siden ree binne, kinst se plestifisearje en ta in boek bine. Kinst in boekmakersfeestje organisearje mei oare gesinnen of by de berne-opfang. Lit it bern sels de plaatsjes foar syn of har boek kieze en freegje wat der op de plaatsjes bart. Skriu op wat it bern dy fertelt. Lit it bern de eigen fantasy brûke.

Sa kinst de tinzen fan it bern foar oaren sichtber meitsje, neist it feit datst it bern it ferskil tusken sprutsen en skreaune taal dúdlik makkest.

Maak je eigen aanschijkaart:

Maak een aanschijkaart met het kind en versier die (bijv. met veren, glittertjes, crêpepapier, gedroogde blaadjes of bloemetjes). Schrijf eventueel een boodschap van het kind op de kaart. Misschien kunnen jullie samen naar het postkantoor gaan en hem zelf een envelop en postzegel laten kopen. Schrijf samen het adres op doe de kaart op de bus. Laat het kind zelf kiezen waar de kaart heen moet.

Maak zelf boeken:

In sommige talen bestaan weinig tot geen boeken voor kleine kinderen. In Fryslân zijn er gelukkig wel Friese (prenten) boeken te verkrijgen (zie de links van de websites). Maar je kan ook samen een eigen boekje maken. Het is heel speciaal voor een kind om een zelfgemaakt en zelfbedacht boekje te hebben.

In dit geval kun je samen een eigen boek maken, zowel om het kind kennis te laten maken met geschreven taal als om samen te lezen.

Pak materiaal om het boek mee te versieren: gekleurd papier, een schaar, lijm, stiften, plaatjes of stickers, cijfers, letters enz. Je kunt een verhaaltje opschrijven dat je zelf

als kind leuk vond, enkele rijmpjes en raadseltjes, een jeugdherinnering. Of je kunt een onderwerp kiezen waarvoor je kind interesse heeft, bijvoorbeeld paarden. Het maakt niet uit hoe groot of dik het boek is. Voor een jong kind heb je niet veel woorden of pagina's nodig. Wanneer alle pagina's klaar zijn, kun je ze plastificeren en tot een boek binden.

Je kunt zelf een boekmaakfeestje organiseren met andere gezinnen of bij de kinderopvang. Laat het kind zelf plaatjes voor zijn boek kiezen en vraag wat er op de plaatjes gebeurt. Schrijf op wat het kind je vertelt. Laat het kind zijn eigen fantasie gebruiken.

Dit is een manier om de gedachten van kinderen voor anderen zichtbaar te maken, naast het feit dat je het kind het verband tussen gesproken en geschreven taal duidelijk maakt.



Websites:

www.meltproject.eu

Dizze brosjure is in produkt fan it MELT-projekt. Dit projekt komt fuort út it wurk fan it Europeeske NPLD (Network to Promote Linguistic Diversity). It doel fan it NPLD is it befoarderjen fan taalferskaat en it fersprieden fan ynformaasje en positive praktyk-ûnderfinings op it mêd fan taalplanning en taalúntjouwing yn hiel Europa.

www.tomke.nl

It Tomke-projekt bestiet út ferskate ûnderdielen. Alle aktiviteiten en materialen binne rjochte op pjutten, haren âlden of opfieders, sawol foar thús as by it wurkjen mei pjutten op bernedeiferbliuwen en pjutteboartersplakken.

www.heitenmem.nl

Dizze webside is bedoeld foar alle heiten, memmen en opfieders yn Fryslân mei bern fan 0-12 jier. Op de webside stean allerhanne tema's omtrint it grut bringen fan bern. Ek ferskynt der 3 kear per jier in tydskrift, mei in protte ferskate ynformaasje.

www.fryslan.nl

De berte fan in poppe is in net te beskriuwen wûnder. In grut feest foar de âlden, broerkes en suskes, de hiele famylje. Mar ek foar de provinsje, dy't der wer in jonge ynwener by hat. De

provinsje Fryslân jout de âlden dêrom in kadootsje: in 'Taaltske'. In taske fol mei aardichheidsjes en foarljochtingsmateriaal oer meartaligens. Want Fryslân is de iennichste offisjeel meartalige provinsje yn Nederlân. Dêrom hjit it dan ek 'Taaltske', want: mear talen, mear kânsen.

www.sfbo.nl

Yn Fryslân binne dêr in protte Frysktalige of twatalige (Frysk en Nederlânsk) pjutteplakken en bernedeiferbliuwen. It Sintrum Frysktalige Berne- opfang (SFBO) is it ynformaasje-, kennis- en stipelpunt op it mêd fan meartaligens en taalstimulearring yn de foarskoalske periode. De adviseurs fan it SFBO helpe liedsters yn it pjuttewurk en de berne-opfang by it foarmjaan fan taalbelied en it kreëarjen fan in taalrike omjouwing foar de bern. Alden wurde dêr fansels by belutsen. Se jouwe ynformaasje oer meartaligens yn Fryslân en sy fersoargje âlderjûnen oer it belang fan taalbelied en taaloanbod.

www.taalsintrumfrysk.nl

Om de trochgeande line fan meartaligens yn de foarskoalske ynstellings troch te setten yn it basisûnderwiis binne dêr in soad skoallen yn Fryslân trijetalich (Nederlânsk, Frysk en Ingelsk), sy binne oanslúten by it netwurk 'Trijetalige Skoallen'. Taalsintrum Frysk (TF) is in ôfdieling fan Cedin, in ynstelling foar edukative tsjinsferliening yn Noard-Nederlân. TF wol learkrêften

fan skoallen foar primêr en fuortset ûnderwiis begeliede by it ûntwikkeljen, ymplementearjen en útfieren fan meartalich taalbelied mei in lykwear-dige posysje fan de Fryske taal. TF organisearje ek âlderjûnen.

www.bibliotheek.nl

Bibliotheek.nl is de digitale portaal fan de iepenbiere bibleteken yn Nederlân. Hjir kinst boeken sykje en oanfreegje yn in bibleteekfestiging yn 'e buert.

www.kindentaal.nl

In webside oer taalúntwikkeling en it stimulearjen dêrfan by poppen, pjutten en beukers.

www.ouders.nl

In webside mei allerhande ynformaasje. Sjoch ek ûnder it kopke 'taal'. Foar âlden fan bern fan -1 tot 18 jier.

www.meertalen.nl

In oantal boeken binne oersetten yn in oare taal. Dizze boeken binne te brûken yn in meartalige groep of thus. Utgongspunt is dat bern earst in ferhaal kennen leare in hun thústaal, foardat se it yn in twadde taal leare.

www.spultsjes.nl

Op dizze webside kinne bern fan 0-12 jier online spultsjes dwaan. Der binne ferskate soarten spultsjes te finen. Foar de allerlytsten is der bygelyks 'Pipa' om hearlik mei in folwoeksene op alle toetsen te drukken en te sjen

wer't Hessel de Húskeslak ferstoppe sit.

www.itfryskeberneboek.nl

De Stichting It Fryske Berneboek rjochtet har op stúdzje en promoasje fan Fryske berne- en jongereinliteratuer mei it doel dy literatuer sa breed mooglik bekend te meitsjen, yn en bûten Fryslân.

www.fffestival.nl

It Fertel & Foarlêsfestival (FFFestival) is in fertel- en foarlêsfest foar pjutten, skoalbern en âlderein yn Fryslân. Doel fan it projekt is om mear omtinken en stimulâns te jaan oan it foarlêzen en it fertellen fan ferhalen yn it Frysk. Yn pjutteboartersplakken, op skoallen, yn bibleteken, doarpshuzen, âldereinsoarchynstellings, musea en kulturele besikerssintra.

www.fryskprinteboek.nl

Op dizze webside steane mearkes in oare ferhalen. De Ried fan de Fryske Beweging (RfdFB), in belangorganisaasje foar minsken dy't wiis binne mei Fryslân en har ynsette foar mear romte foar it Frysk en de Fryske kultuer.

www.berneboek.nl

Op dizze webside kinst it ynteraktive boek 'Túzenpoatsjes' fine, mei dêryn opsiferskes.

Websites:

www.meltproject.eu

Deze brochure is een product van het MELT-project. Dit project vloeit voort uit de werkzaamheden van het Europese NPLD (Network to Promote Linguistic Diversity). Het doel van het NPLD is de bevordering van taalverscheidenheid en de verspreiding van informatie en positieve praktijkervaringen op het gebied van taalplanning en taalontwikkeling in heel Europa.

www.tomke.nl

Het Tomke-project bestaat uit verschillende onderdelen. Alle activiteiten en materialen zijn gericht op peuters, hun ouders en opvoeders, zowel voor thuis als voor de voorschoolse instellingen die werken met kleine kinderen.

www.heitenmem.nl

Deze website is bedoeld voor alle vaders, moeders en opvoeders in Fryslân met kinderen van 0-12 jaar. Op de website staan allerhande thema's omtrent het opvoeden van kinderen. Ook verschijnt er 3 keer per jaar een tijdschrift, met veel verschillende informatie.

www.fryslan.nl

De geboorte van een baby is een niet te beschrijven wonder. Een groot feest voor de ouders, broertjes en zusjes, de hele familie. Maar ook voor de provincie, die er weer een jonge inwoner bij heeft. De provincie Fryslân geeft ouders daarom een cadeau'tje: een 'Taaltske'. Een tasje vol met aardigheidjes en met voorlichtingsmateriaal over meertaligheid. Want Fryslân is de enige officiële meertalige provincie in Nederland. Daarom heet het ook 'Taaltske', want: meer talen, meer kansen.

www.sfbo.nl

In Fryslân zijn er veel Friestalige of tweetalige (Fries en Nederlands) peuterspeelzalen en kinderdagverblijven. Het Centrum Friestalige Kinderopvang (Sintrum Frysktalige Berne-opfang, SFBO) is het kennis- en steunpunt op het gebied van meertaligheid en stimulering in de voorschoolse periode. De adviseurs van het SFBO helpen leidsters in de peuterspeelzalen en kinderdagverblijven bij het vormgeven van taalbeleid en het creëren van een taalrijke omgeving voor kinderen. Ouders worden daar natuurlijk bij betrokken. Zij geven informatie over meertaligheid in Fryslân en houden ouderavonden over het belang van taalbeleid en taalaanbod.

www.taalsintrumfrysk.nl

Om de doorgaande lijn van meertaligheid in de voorschoolse instellingen door te zetten in het basisonderwijs zijn er veel scholen in Friesland drietalig (Nederlands, Fries en Engels), zij zijn aangesloten bij het netwerk 'Trijetalige Skoallen'. Taalcentrum Fries (Taalsintrum Frysk, TF) is een afdeling van Cedin, een bedrijf voor educatieve dienstverlening in Noord-Nederland. TF wil leerkrachten van scholen voor primair en voortgezet onderwijs begeleiden bij het ontwikkelen, implementeren en uitvoeren van meertalig taalbeleid met een gelijkwaardige positie van de Friese taal. TF organiseren ook ouderavonden.

www.bibliotheek.nl

Bibliotheek.nl is de digitale portaal van de openbare bibliotheken in Nederland. Hier kan je boeken zoeken en aanvragen in een bibliotheekvestiging in de buurt.

www.kindentaal.nl

Een website over taalontwikkeling en het stimuleren ervan bij baby's, peuters en kleuters.

www.ouders.nl

Een website met allerhande informatie. Kijk ook onder het kopje 'taal'. Voor ouders van kinderen van -1 tot 18 jaar.

www.meertalen.nl

Een aantal boeken zijn vertaald in een andere taal. Deze boeken zijn te gebruiken in een meertalige groep of thuis. Uitgangspunt is dat kinderen eerst een verhaal leren kennen in hun thuistaal, voordat ze het in een tweede taal leren.

www.spultsjes.nl

Op deze website kunnen kinderen van 0-12 jier online spelletjes spelen. Er zijn verschillende soorten spelletjes. Voor de allerkleinsten is bijvoorbeeld 'Pipa' heerlijk om met een volwassene op alle toetsen te drukken en te kijken waar 'Hessel de Húskeslak' zich verstopt heeft.

www.itfryskeberneboek.nl

De Stichting It Fryske Berneboek (Het Friese Kinderboek) richt zich op studie en promotie van Friese kinder- en jongerenliteratuur met als doel om die literatuur zo breed mogelijk bekend te maken, in en buiten Fryslân.

www.fffestival.nl

It Fertel & Foarlêsfestival (FFFestival, Het Vertel & Voorleesfestival) is een vertel- en voorleesfeest voor peuters, schoolkinderen en ouderen in Fryslân. Doel van het project is om meer aandacht en stimulans te geven aan het voorlezen en het vertellen van verhalen in het Fries. In peuterspeelzalen en kinderdag-

www.afuk.nl

De online webwinkel kinst op dizze webside fine. Sa kinst (foarlês) boeken en oar materiaal keapje. De stifting Afûk stelt him as doel om de kennis en it brûken fan de Fryske taal en de belangstelling foar Fryslân te befoarderjen. De Afûk wol dat berikke troch: - it organisearjen fan kursussen en eksamens; - it útjaan fan learmiddels, boeken en oare publikaasjes; - it wurkjen oan konkrete projekten; - it befoarderjen fan it Frysk yn de besteande en nije media; - it fersoargjen fan foarljochting en alle oare middels ynsette dy ta it doel tsjinje kinne.

www.praatmarfrysk.nl

Praat mar Frysk is in kampanje mei it doel Friezen bewust te meitsjen fan harren twataligens en harren dêr grutsk op te meitsjen.

www.buterbreangrienssiis.com

De online webwinkel fan ButerBreaenGrienssiis.com is een partner van FryslânFerbjnt.nl en bringt Friezen oer de hiele wrâld yn kontakt mei elkoar.

www.fryske-akademy.nl

De Fryske Akademy is in ûndernimmend ynstiút dat wittenskiplik ûndersyk docht op it mêd fan de Fryske taal, kultuer, skiednis en maatskippij.

www.mercator-research.eu

It Mercator Europeesk

Kennissintrum foar Meartaligens en Taallearen is yn Europa in belangryk ynstiút op it mêd fan meartaligens en taallearen. Mercator mobilisearret en bringt kennis en kompetinsjes by elkoar dy't yn oare lidsteaten en oare meartalige regio's ûntwikkele binne. Yn it wurk wurdt omtinken jûn oan it learen op skoalle, mar ek oan de taaloerdracht thús, op it wurk of yn de frije tiid en troch kultuerpartisipaasje.

Brosjueres:

– Talen kleuren je leven! (2007)

Brosjuere foar alden, opfieders en beropskrêften.
Afûk, Ljouwert.

– Sintrum Frysktalige Berne-opfang
Algemene ynformaasje brosjuere foar liedsters yn it pjuttewurk en de berne-opfang.
Sintrum Frysktalige Berne-opfang,
Ljouwert.

– MELT (Multilingual Early Language Transmission)- projekt (2010)
Flyer mei algemiene ynformaasje oer it projekt.

Mercator Europeesk Kennissintrum foar Meartaligens en Taallearen,
Ljouwert.

verblijven, op scholen, in bibliotheek, dorpsuizen, ouderinstellingen, musea en culturele bezoekerscentra.

www.fryskprinteboek.nl

Op deze website staan sprookjes en andere verhalen. De Raad van de Friese Beweging (Ried fan de Fryske Beweging, RfdFB), een belang-organisatie voor mensen die blij zijn met Fryslân en hun inzetten voor meer ruimte voor het Fries en de Friese cultuur.

www.berneboek.nl

Op deze website kan je het interactieve boek 'Tûzenpoatsjes' vinden, met daarin opzegversjes.

www.afuk.nl

De online webwinkel is op deze website te vinden. Zo kan je (voorlees) boeken en ander materiaal kopen. De schifting Afûk heeft als doel om de kennis en het gebruik van de Friese taal en de belangstelling voor Fryslân te bevorderen. De Afûk wil dat bereiken door : – het organiseren van cursussen en examens; – het uitgeven van leermedelen, boeken en andere publicaties; – het werken aan concrete projecten; – het bevorderen van het Fries in de bestaande en nieuwe media; – het geven van voorlichting en alle andere middelen inzetten om het doel te behalen.

www.praatmarfrysk.nl

Praat mar Frysk (Praat maar Fries) is een campagne met als doel Friezen bewust te maken van hun tweetaligheid en hun trots op het Fries zijn te ontwikkelen.

www.buterbreangrienssiis.com

De online webshop van ButerBreaenGrienssiis.com is een partner van FryslânFerbjnt.nl en brengt Friezen over de hele wereld in contact met elkaar.

www.fryske-akademy.nl

De Fryske Akademy is een ondernemend instituut dat wetenschappelijk onderzoek doet op het gebied van de Friese taal, cultuur, geschiedenis en samenleving.

www.mercator-research.eu

Het Mercator Europees Kenniscentrum voor Meertaligheid en Taalleren bundelt, mobiliseert en brengt expertise en competenties die op het niveau van de lidstaten en de regio's ontwikkeld zijn bij elkaar. Mercator is in Europa toonaangevend op het gebied van meertaligheid en taalleren, waarbij zowel aandacht is voor het leren op school, als ook thuis, op het werk, in de vrije tijd of door cultuurparticipatie.

Brochures:

– Talen kleuren je leven! (2007)

Brochure voor ouders, opvoeders en beroepskrachten
Afûk, Leeuwarden.

– Sintrum Frysktalige Berne-opfang
Algemene informatie brochure voor leidsters van voorschoolse instellingen.
Sintrum Frysktalige Berne-opfang,
Leeuwarden.

– MELT (Multilingual Early Language Transmission)- projekt (2010)
Flyer met algemene informatie over het project.

Mercator Europees Kenniscentrum voor Meertaligheid en Taalleren,
Leeuwarden.

FRYSKE  AKADEMY

 folkhälsan



Education and Culture DG

Lifelong Learning Programme


npld.eu

 mercator
Europäisches Kernnetzwerk für
Mehrsprachigkeit in Schulen


multilingual early language transmission

